

Dorpscanon van Folsgeare

“Kees fan de bakker”



© Foto: Friese koerier, april 1956

“Kees fan de bakker”

Dit is in ferhaal út de ‘Friese koerier’ fan april 1956. It ferhaal giet oer “Kees fan de bakker”. Kees hjit eins Cornelis Livius Nauta nei syn pake dy’t fan 1855 oant hast 1885 master yn Folsgeare wie.

Kees is berne yn Folsgeare op 28 jannewaris 1887. Syn âlden binne Feike Cornelis Nauta en Japke Jans Twijnstra, allebeide ek berne yn Folsgeare. Hja hawwe yn it doarp in bakkerij (no Tsjaerddyk 30).

Kees is yn it ferhaal njoggen of tsien jier âld, dat it ferhaal spilet him ôf om 1897 hinne.

Alhoewol’t Kees yn 1956 al in goede santiger is, skitterje syn eagen noch by it tebinnenbringen fan it ûndersteande ferhaal. De reis mei de hûnen foar it weintsje mei de wettertonne yn it doarpke Folsgeare, no in sechstich jier lyn, ferjit “Kees fan de bakker” werklik wier net wer.

It is frjemd, mar guon foarfallen bliuwe altyd yn it sin en dy rekkest dan dyn hiele libben net mear kwyt. Yn it foar witst nea hokker dat krekt wêze sille, want bytiden oerkomt dy wat en dan seist spontaan: “Dat ferjit ik nea wer” en dan docht letter bliken dat it hiele gefal letterlik nea ek mar de lytste kâns kriget om wer yn it sin te kommen. It binne gauris net iens de besûndere grutte en yngripende dingen dy’t hiel lang libben en fris bliuwe en by foarkommende gelegenheden wer oant yn de lytste details ferteld wurde. It is wol wis, dat de âlde baas dy’t Kees ûnderwilens is, wol folle mear dingen op syn libbenspaad

Dorpscanon van Folsgeare

“Kees fan de bakker”

belibbe hat dy't de muoite fan it fertellen wurdich binne. Mar dit jeugdferhaal rint der by him dochs wol fier út.

Kees syn ferhaal:

Us heit hie yn it doarp, der stiene miskien sa'n tritich huzen, in bakkerij. Sa as dy dêr oan'e ein fan it doarpke stie, ik sjoch it noch foar my, sa begjint hy te fertellen. Wetterlieding wie der yn dy tiid noch net, want ik wie op syn heechst njoggen of tsien jier. By it hûs stie in reinwettertonne dy't ús mem foar de húshâlding brûkte. Mar as ús heit roggebrea bakke soe, dan moast der wetter by de pomp oan'e oare kant fan it doarp helle wurde. Op in dei, ik wit it noch krekt, wie ús heit net thús. Hoe't ik it yn'e plasse krige, wit ik net mear, mar ik hie ynienen nocht om mei it platte weintsje riden te gean, temear om't ik wol kâns seach om ús hûnen der foar te spannen.

De bistebeskerming hâldt net fan hûnen foar de karre, mar yn myn tiid wie dat noch wol de gewoante. Earlik sein, hoegden je mar in greep nei de selen te dwaan of se sprongen al tsjin dy omheech, sa graach woene se ynspand wurde. Se fûnen it wier hearlik. In echt willeritsje woe ik der net fan meitsje. Ynienen betocht ik my, dat ik my wol fertsjinstlik meitsje koe, troch de grutte hunichtonne der op te setten en dy fol mei wetter te heljen. Om dit mooglik te meitsjen, naam ik in ammerke mei, want yn sa'n fet koe wol 180 liter.

It gie allegearre tige bêst, mar op'e weromreis, by it grutte hûs dat “de Tempel” neamd waard en dêr't fjouwer húshâldingen yn wennen, gie der wat mis. Om dit goed begripe te kinnen, moatte jo witte, dat der oan'e foarkant twa doarren nêst elkoar wiene. Dat wiene fan dy doarren mei in ûnder- en boppendoar, dêr't de boppendoar gewoanwei fan iepen stie. Se wiene grien skildere en der siet sa'n grutte ring oan om de klink op te tillen.

Der wennen doe nêst elkoar twa widdofroulju, “âlde Jetsje”, dy't twa soannen hie (drinkebrouren) en “âlde Aaltsje”. Om dy “âlde Aaltsje” gie it yn dit gefal, want doe't ik mei de grutte folle tonne ticht by har hûs wie, kaam út it steechje nêst it hûs krekt har kat oankuierjen. Doe't dy ús yn'e rekken krige, naam se in sprong oer de ûnderdoar hinne, mar op itselde momint begûnen de hûnen as gekken te blaffen en te draven. Ien fan de tsjillen kaam yn'e goate terjochte nêst it smelle strjitsje en dêr kleppere de tonne ûndersteboppen tsjin de ûnderdoar, dy't troch it geweld iepen sprong en de floodweach troch liet. Net allinne it lytse gonkje, mar ek de húskeamer like wol in wylde see.

Dorpscanon van Folsgeare

“Kees fan de bakker”



foto: Utjowerij van der Meulen, Snits

Links de smidderij, rjochts: “de Tempel” mei it goatsje der foar dêr’t in tsjil fan it weintsje yn kaam.

Hoe’t ik skrokken bin, kinne jo josels net yntinke. De tonne ha ik lizze litten en ik bin mei de hûnen en it weintsje der as in hazze útnaaid nei hûs. Hoe lyts it doarp ek wie, dêr wisten se noch fan neat. Yn in sucht hie ik de hûnen wer útspand en súntsjes slûpte ik nei myn bêd op’e souder. It wie noch wol betiid yn’e middei, mar it duorre net lang of ik foel yn ‘e sliep. En, slepte troch oant de oare moarn. Wat ik op dat momint net wist, mar doe wol gewaar waard, wie dat wat der bard wie as in rinnend fjoerke troch it doarp gien wie. “Alde Aaltsje” hie der gjin doekjes om wûn en hie oeral útskraud wat dy ‘smorrige’ jonge, dy “Kees fan de bakker” dien hie.

Fansels hiene myn âlden it ek heard en dy ha my oeral socht, oant se op it lêst, tsjin better witten yn, seagen op myn bêd en my dêr sliepend fûn hiene en sliepe litte hiene. Us heit woe net lije dat ik wakker makke waard, want dy hie wol gefoel foar humor. Mar ús mem wie net sa maklik en de moarns waaide der wat foar my. Dat wie net foar de poes....

Dorpscanon van Folsgeare

“Kees fan de bakker”

“Kees fan de bakker” is gelokkich net yn it kattedwea útheljen stykjen bleaun, want doe’t wy (fan de Friese Koerier) opstappe woene, foel ús each op de fioelekiste nêst de piano. “Wa spilet hjir noch fioele?”, fregen wy him. Beskieden sei hy: “Ik, mar ik bin net echt hielendal in musikus wurden, alhoewol’t ik in soad fan musyk hâld. Wol ha ik der wille mei belibbe en myn grutste triomf hat wol west, dat ik as direkteur fan ús strykorkest, no tritich jier lyn, dêr op’e Jouwer in earste priis mei helle ha.



“Kees fan de bakker” of Cornelis Livius Nauta, trout yn 1918 mei Minke Smits. Hy is dan monteur en wennet yn Snits. Cornelis is 8 july 1963 stoarn, syn frou Minke ferstjert 23 jannewaris 1987 op 97 jierige leeftyd.

Widdofrou Aaltsje út it ferhaal sil nei alle gedachten Aaltsje Paradieske wêze. Aaltsje wie troud mei Pieter Annes Kampstra dy’t arbeider wie en yn 1876 ferstoarn is.

De wetterpomp dêr’t Kees hinne gie om it fet fol te dwaan, soe de âlde wetterput fan de pastorijs west hawwe kinne. De pastorijs op it ‘tsjerkepôltsje’ is begjin 1700 ôfbrutsen, mar nei alle gedachten is de put noch lang yn gebrûk bleaun.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Friese Koerier, útjowerij van der Meulen, Snits

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.